

Sjueryrapport fan de Rink van der Velde-priis 2004

Achte oanwêzigen,

Yn maaie 2003 binne wy frege om sjuerylid te wurden fan de Rink van der Velde-priis 2004. De opdracht dy't wy meikrigen is in kar te meitsjen út de (Fryske) boekproduksje 2002 / 2003 foar dát boek dat foar dizze priis yn oanmerking komt.

Doelstelling fan de priis

De priis is ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza of oarspronklik en nij proaza yn ien fan de streektalen dy't yn Fryslân brûkt wurde en dat as in selsstannige boekútjefte (roman, ferhalebondel of novelle) ferskynd is.

It proaza moat yn 'e geast fan it wurk fan Rink van der Velde skreaun wêze, folksaardich en gaadlik foar in breed lêzerspublyk.

Wurkwize

Yn it ôfrûne healjier hawwe wy sa'n 25 boeken, dy't yn 'e beneaming kamen foar de priis, lêzen. Dat hawwe wy mei in soad nocht dien, want der wiene in protte lêsbere titels by. Mei rjocht kinne wy sizze dat de kwaliteit oer't generael ridlik ta goed is, ek it brede ferskaat oan tema's is in opstekker foar de Fryske literatuer!

Mei de term "breed lêzerspublyk" út de doelstelling hie de sjuery noch wol muoite, om't dit begryp nochal subjektyf is. Wy hawwe dêrom ús eigen kwaliteitsnoarm dernjonken lein. Oer de boppe- en ûndergrins wiene wy it al gau iens, mar de seleksje fan it wurk dêr tusken yn wie dochs noch dreech.

Yn it ramt fan de opdracht hawwe wy alle boeken op harren eigen wearde hifke, dus sûnder rekken te hâlden mei mooglik oar wurk fan deselde skriuwer.

De wichtige referinsjepunten fan it wurk fan Rink van der Velde en it boek fan de priiswinner binne neffens de sjuery:

- a. De humor
- b. De knappe persoansbeskriuwing en útwurking fan de karakters:
de ferhalen geane oer libbene persoanen dy't faak ticht by de minsken steane.
- c. It hjoeddeisk taalgebrûk, de flotte styl, de taalrykdom, it moaie idioom.

It bekroande boek is in ferrassend knap wurk. It hat in opbou mei trije ferhaallinen, dy't de skriuwer tige linich meiinoar ferbynt. De lagen besteane út de doe- en de notiid, en it symboalyske ferhaal.

In pear aardige bykomstichheden, en net mear as dat, yn ferliking mei it wurk fan Van der Velde binne dat de lêste yn syn boeken ek opfallend faak dwaande is mei de oarloch en de neisleep dêrfan, en dat Rink, lykas de haadpersoan yn de winnende roman, yn it begjin fan de fjirtiger jierren ek noch mar in jonkje wie.

Utslach

Op grûn fan dy kritearia, is de sjuery ta in kar kaam.

Earst in skets fan de koarte ynhâld:

Fyftich jier nei ôfrin sjocht de haadpersoan werom op syn jongereintiid in de Twadde Wrâldoarloch, doe't in joadske ûnderdûker by harren op 'e pleats beskûl fûn.

Nei de dramatyske dea fan dizze ûnderdûker sit de haadpersoan noch lang tangele mei skuldgefoelens en beslút er, as earbetoan, dochts noch in grêfstien te meitsjen foar de ferstoarne.

Op it âlde joadske hôf pleatst er sân basaltstiennen en stadichoan wurdt dúdlik wa't de joadske ûnderdûker wie en wer't er wei kaam, al bliuwt dizze man foar't grutste part in mysterieuze figuer. Nei't de lêste stien te plak stiet ferdwine de skuldgefoelens fan de haadpersoan.

De sjuery hat unanym besletten de Rink van der Velde-priis 2004 ta te kennen oan de roman

DE LJEDDER fan de skriuwer Koos Tiemersma.

KOOS, fan herte lokwinske mei dizze priis.

Wy geane der mar fan út datst de sjuery tastiest dit rapport te besluten mei in tapaslik bewurke sitaat fan de lêste side fan dyn roman:

“It ferhaal is rûn, wy hawwe de put der út”.

w.t.

De sjuery: Rena Wagenaar

Gurbe Douwstra

Alie Dijk



FRIESE PERS

BOEKERIJ / A. J. OSINGA UITGEVERIJ

